# PARSEBERJOCHT – Programma-ynformaasje Fryslân DOK
20 oktober 2015

# Grûn
Fryslân DOK op snein 1 novimber

**‘Grûn’ is de grutte jubileumfoarstelling fan Tryater. It Frysk toanielselskip bestiet fyftich jier en is dêrmei it âldste teaterselskip fan Nederlân. Grûn, skreaun troch artistyk lieder Ira Judkovskaja, giet oer twa Fryske famyljes. De foarstelling fertelt it ferhaal fan trije generaasjes oer fyftich jier yn fjouwer oeren. Elkenien is troch de famyljebân mei-elkoar ferbûn, mar ek mei de tiid dêr’t sy yn libje.**

Mar leafst sechstjin akteurs spylje yn de nije grutte seal fan skouboarch De Lawei yn Drachten de jubileumfoarstelling. De foarstelling spilet fanwegen de grutte omfang eksklusyf yn De Lawei. Grûn fertelt it ferhaal fan twa boerefamyljes út itselde doarp. De iene famylje is roomsk en hâldt al fjouwer generaasjes it boerebedriuw draaiende. De oare famylje is herfoarme. Harren boerebedriuw waard yn de jierren santich fuortsanearre. De famyljes libje al trije generaasjes lang op en fan it lân dêr’t harren âlden en foarâlden libben.

Yn Grûn giet elke generaasje op har eigen wize om mei universele tema's as leauwen, ambysje, ferlies en feroaring.”Wat der ek bart, it libben giet altyd troch’’ is ien fan de kredo's fan Judkovskaja. Boppe it toaniel draaie grutte filten planeten fan Claudy Jongstra, om in gefoel fan "in universum yn in universum" op te roppen. It toanielbyld is ûntwurpen troch Roos van Geffen.

Om de jubileumfoarstelling hinne ropt Tryater minsken op om ek harren famyljeferhalen te fertellen. Dat wurdt dien mei it publyksprojekt ‘In bosk fan minsken’ dêr’t famyljeferhalen yn ferbûn wurde. Op www.inboskfanminsken.nl wurde de ferhalen sammele. De ferhalen krije úteinlik foarm yn in lûdsynstallaasje fan Bouke Groen.

Fryslân DOK: Grûn
Snein 1 novimber om 17.00 oere en dêrnei fan 18.10 oere ôf alle oeren op Omrop Fryslân Televyzje. Ek te sjen op sneon 31 oktober om 15.35 oere en snein 1 novimber om 12.25 oere op NPO 2.

---

**Noat foar de redaksje:**
Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommunikaasje fan Omrop Fryslân: tel. 058 299 7876.

# PERSBERICHT – Programma-informatie Fryslân DOK
20 oktober 2015

## Grûn
Fryslân DOK op zondag 1 november

**'Grûn' (Grond) is de grote jubileumvoorstelling van Tryater. Het Fries toneelgezelschap bestaat vijftig jaar en is daarmee het oudste theatergezelschap van Nederland. Grûn, geschreven door artistiek leider Ira Judkovskaja, gaat over twee Friese families. De voorstelling vertelt het verhaal van drie generaties over vijftig jaar in vier jaren. Iedereen is door de familieband met elkaar verbonden, maar ook met de tijd waarin zij leven.**

Maar liefst zestien acteurs spelen in de nieuwe grote zaal van schouwburg De Lawei in Drachten de jubileumvoorstelling. De voorstelling speelt vanwege de grote omvang exclusief yn De Lawei. Grûn vertelt het verhaal van twee boerenfamilies uit hetzelfde dorp. De ene familie is rooms en houdt al vier generaties het boerenbedrijf draaiende. De andere familie is hervormd. Hun boerenbedrijf werd in de jaren zeventig weggesaneerd. De families leven al drie generaties lang op en van het land waar hun ouders en voorouders leefden.

In Grûn gaat elke generatie op haar eigen wijze om met universele thema's zoals geloof, ambitie, verlies en verandering. "Wat er ook gebeurt, het leven gaat altijd door'' is een van de credo's van Judkovskaja. Boven het toneel draaien grote vilten planeten van Claudy Jongstra, om het gevoel van ''een universum in een universum'' op te roepen. Het toneelbeeld is ontworpen door Roos van Geffen.

Rond de jubileumvoorstelling roept Tryater mensen op om ook hun familieverhalen te vertellen. Dat wordt gedaan met het publieksproject 'In bosk fan minsken' (Een bos van mensen) waarin familieverhalen worden verbonden. Op www.inboskfanminsken.nl worden de verhalen verzameld. De verhalen krijgen uiteindelijk vorm in een geluidsinstallatie van Bouke Groen.

Fryslân DOK: Grûn (Grond)
Zondag 1 november om 17.00 uur en daarna vanaf 18.10 uur ieder uur op Omrop Fryslân Televisie. Ook te zien op zaterdag 31 oktober om 15.35 uur en zondag 1 november om 12.25 uur op NPO 2.

---

**Noot voor de redactie:**
Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: tel. 058 299 7876.